TONEEL

Iepenlofteater Riis

Iepenloftteater, Riis
Woansdei, tongersdei en freed, 21 oere

Yn 'e sechstiger jierren wie der behalven op 'e Sweach ek in iepenloftteater yn it Gaasterlânske Riis, midden yn 'e bosken. Der is yn it begjin ek wol toanielspile, mar it wie foaral bekend troch optredens fan artysten as Rob de Nijs, Peter Koelewijn en Golden Earring. Bart van der Wal hat it eardere teater kocht en hat der - hy hat in túnadvysburo, dat sadwaande - in teatertún fan makke. Teatergroep SULT (Súdwesthoeke Lokaasjeteater), dat ferline jier in stik fan Sartre yn de âlde slûs fan Starum spile, fiert it stik 'Serenade' fan de Poalske skriuwer Slawomir Mrozek op. It is in soarte fan fabel oer in foks dy't in serenade bringt by in hinnehok. De hinne witte fan de gefaren fan de foks, mar wolle mar al te graach witte foar wa't dy serenade brocht wurdt. Spilers binne Feikje Hovinga, Ytsje Hettinga, Ytsje Kramer en Jan Eekma, de regy is fan Pieter Stellingwerf. Se wurde muzikaal bystien troch Stichting De Paupers, foaral bekend fan 'De Kathedraal fan Kabaal'. De tún giet om acht oere iepen en ek dan is der al fan alles te belibjen.